

## Yn petear mei bern

Nei it foarlêzen geane jo mei de bern yn petear oer it ferhaal, duorsumens of duorsum iten. Fier it petear op sa'n wize dat dy by jo past of fertel út eigen kennis en ûnderfining. Sintraal yn it boek stiet it tema iten. Wat is duorsum iten? Wat hat iten mei duorsumens te krijen? We jouwe hjir in tal mooglikheden:

Spesifike fragen n.o.f. iten dat de foarlêzer sels meinimt.

### Mooglikheid 1

As foarlêzer nimme jo twa ferskillende soarten iten mei. Yn it foarsteplak iten dat jo it allerlekkerst fine en as twadde, iten dêr't jo fan grize.

- Jo fertelle oer it iten. Wêrom fine jo it lekker en wêrom grize jo der fan. Lit de bern dêrnei it iten priuwe.
- Wa fynt it ek lekker en wêrom?
- Wa griist der ek fan en wêrom?
- Wêr is it iten fan makke?
- Hoe is it klearmakke?
- Is it sûn?
- Giet it om duorsume teelt of duorsume produksje?
- Wêr komt it iten wei? Komt it út in fier lân of tichtby wei en wat betsjut dat?

Wat fine de bern lekker en wêr grize se fan? Jo kinne der wat iten úthelje en boppesteande fragen nochris werhelje.

In foarbyld.

Ik ha nûtsjesmoar meinaam. Alle bern krije in toastje mei nûtsjesmoar. Ik griis fan nûtsjesmoar. Ik fyn dat it o sa stjonkt. En troch de geur **fyn** ik it al net lekker. Nûtsjesmoar is makke fan apenuten. Apenuten groeie ûnder de grûn. De apenuten wurde doppe en koart blansjeard sadat it flueske loslit. Dêrnei wurde se fynmealle ta nûtsjesmoar. Yn nûtsjesmoar sit in soad fet en aaiwyt. Oft dat sûn is, dêr binne de mieningen oer ferdiel. Ik tink dat nûtsjesmoar sûn genôch is om sa no en dan te iten op in stikje bôle. De grutste produsinten fan apenuten binne Sjina, Israël, de Feriene Steaten, Egypte, Argentinië en Súd-Afrika. Dat betsjut dat se fan fier komme moatte en hjirhinne brocht wurde mei in frachtwein, in skip of in fleanmasine. Dat transport is net duorsum. En wurdt it op in duorsume wize ferboud? Wol as de nûtsjesmoar it karmark biologysk draacht.

Meiïnoar sykje de bern en jo nei it antwurd op boppesteande fragen. Witte de bern wêr't nûtsjesmoar fan makke is? En wêr't it wei komt?

### Mooglikheid 2

De foarlêzer nimt in moarnsbrochje mei en makket in tafel klear yn de klasse.

Fraach: Wat fynst lekker as moarnsmiel en wêr griist fan?

- Watfoar produkten komme út de streek?
- Watfoar produkten binne fan grûnstoffen makke dy't net út Nederlân komme?
- Wêr komme se wei en hoe krijst dy grûnstoffen hjir?
- Ensfh. ensfh.

In foarbyld.

Ik lit jim de iterstafel sjen dêr't ik fannemoarn oan siet.

Bygelyks: in boardsje dêr't in stikje bôle op leit en dêr't sjem, bûter, hagelslach, tsiis, tee, in aike, kofje, sinasappelsop, yochurt, mûsly en rizenbrij neist stiet.

Prate oer wêr't it wei komt. Oer skarrelaaien, greidemolke, streekprodukten, ensfh. yn relaasje ta duorsumens.

Betink in duorsum moarnsmiel mei de klasse.

## Foarbyldfragen foar it petear mei bern oer iten en duorsumens:

Wat hast hjoed meinommen om te iten of te drinken op skoalle? Is dat sûn of duorsum? Wêrom wol of net?

Wat is dyn favorite iten? Wat sit deryn? Is dat sûn?

In goede definysje fan duorsumens is: goed soargje foar dysels, de oar en dyn omjouwing. Ast tinkst oan iten: wat is dan goed soargje foar dysels, foar de oar en dyn omjouwing?

Wat is duorsum iten? Meitsje mei de bern in wurdweb. Fragen dy'tst dêrby stelle kinst binne: hoe wurdt iten makke? Wêr wurdt iten makke? Wat is der nedich om iten yn de winkel te krijen?

Tink bygelyks ek oan ferfier en ferpakkingen.

Wat is biologysk iten? Biologysk iten is faak djoerder as net biologysk iten. Hoe komt dat? En wat fynst dêrfan?

Wat is duorsumer? In ananas of in appel?

In hiel soad iten wurdt ferpakt yn plestik. Faak is dat nedich om it iten langer hâldbber te meitsjen. Wannear is it ûnsin?

Ast iten (net) fuortgoaist, wat kinst der dan noch mei dwaan?

